Jaarverslagen Dorpsbelang 2024

- Dorpsbelang, havencommissie, speeltuincommissie (pagina 1)
- Oud papier (pagina 2)
- Activiteitencommissie (pagina 2)
- Doe en No (pagina 3)

Het jaarverslag van de uitvaartvereniging is verstrekt aan alle leden van de uitvaartvereniging en staat hier niet bij.

Jaaroverzicht dorpsbelang De Eendracht 2024

Beginsaldo 1-1-2024 **€ 28.656,05**

Inkomsten		**Uitgaven**	
contributie dorpsbelang	€ 2.125,38	bankkosten	€ 474,95
contributie uitvaart (binnengekomen bij DB)	€ 37,00	contributie uitvaart	€ 37,00
te veel of dubbel betaald DB	€ -	terugboeking dubbele betaling contributie	€ 45,38
speeltuin	€ 127,16	vergoeding buitenverlichting kerk	€ 50,00
haven	€ 1.855,00	website	€ 246,40
website (21 x € 10,-)	€ 210,00	sponsering SF Deinum	€ 125,00
subsidie waadhoeke waarderings + dorps/wijkbudget	€ 2.250,00	AED	€ 222,34
contant geld haven stroompalen	€ 202,00	Haven	€ 155,49
		jaarlijkse vergoeding Doe en No	€ 50,00
		penningmeester	€ 150,00
		kruierroute	€ 2.025,26
		jaarlijkse vergoeding act.commissie	€ 172,50
		speeltuin	€ 150,00
		Jaarvergadering / vergaderingen	€ 320,00
		stichting molens Menaldumadeel	€ 10,00
		etentje bestuur	€ -
		verzekering	€ 160,98
		doarpswurk	€ 30,00
		vergoeding jaarwisseling/vuurwerk	€ 150,00
		diversen	€ 741,66
Totaal inkomsten	**€ 6.806,54**	**Totaal uitgaven**	**€ 5.316,96**

Eindsaldo **€ 30.145,63**

Haven	€ 11.267,66
Speeltuin	€ 2.322,30
Dorpsbelang	€ 16.555,67
	€ 30.145,63

Inkomsten/uitgaven rekeningnummer **NL 81 RABO 0341724262**

Inkomsten oud papier 2024

Maand		Gewicht in ton	Ontvangen	Kosten / uitgaven	
Januari	Twaspan	4,640	€ 208,80	Kosten rabobank	€ 69,42
Februari	SF Deinum	3,460	€ 155,70	Kosten kar	
Maart	Twaspan	3,060	€ 137,70	• Stalling	€ 90,-
April	TTV	4,220	€ 213,79	•	
Mei	SF Deinum	2,680	€ 120,60	Hiemstra/Nauta	€ 50,-
Juni	Speeltuin	2,520	€ 113,40		
Juli	Klaverbled	3,580	€ 233,95		
Augustus	SF Deinum	2,220	€ 99,90	Totaal	€ 209,42
Sept	Nocht & Wille	3,260	€ 163,95		
Oktober	It Sypeltsje	3,180	€ 143,10	**Uit te keren in 2025**	
November	SF Deinum	2,740	€ 123,30	Nocht & Wille	€ 129,60
December	SF Deinum	4,000	€ 180,00	SF Deinum (5x)	€ 648,-
				Speeltuinvereniging	€ 129,60
				It Sipeltje	€ 129,60
				It Klaverbled	€ 129,60
				TTV (touwtrek)	€ 129,60
				SWS Twaspan (2x)	€ 259,20
				Ritsumasyl	€ 129,60
	Totaal	**39,560**	**€ 1.894,19**		

Uit te keren (inkomsten – uitgaven : 13) € 1.894,19 - € 209,42 = € 1.684,77 : 13 = € 129,60

Financieel overzicht Activiteitencommissie 2024

Inkomsten	C	D
Jaarlijkse bijdrage dorpsbelang	€ 172,50	
Entree activiteiten QR en contant	€ 348,20	
Vrijwillige bijdrage	€ 26,67	
Retour geluidsbox	€ 129,00	
Kasverschil	€ 60,78	
Totale inkomsten	€ 736,37	
Uitgaven		
Bankkosten		€ 121,98
Filmavond		€ 33,49
Pasen		€ 35,94
Bingo		€ 40,91
Mysteryspel		€ 407,10
Dierengeluidenspel		€ 91,62
Disco		€ 47,01
Sint Maarten		€ 19,76
Vergunning sint intocht		€ 50,00
Bon afscheid AC lid		€ 15,00
Totaal uitgaven		€ 862,81
BALANSTOTALEN Nadelig saldo		€ 126,44

CASHFLOW

Kapitaal 01-01	€ 797,93 bank	€ 1696,33	saldo begin
	€ 898,40 kas	€ 126,44	boekjaarresultaat boekjaar
	>	€ 1569,89	saldo eind boekjaar
Resultaat 2024			
+/- Resultaat boekjaar			
Kapitaal 31-12	<		
	€ 724,92 bank		
	€ 845,75 kas		

WURKGROEP DEINUM DOE EN NO

JIERFERSLACH 2024 EN EFKES FOARÚT SJEN NEI MAAIE ’25

It jier 2024 hat in slim fertrietlik jier west foar ús foarsitter Rinze Visser. It siik wurden fan syn frou Sjoukje, begjin dat jier, rûn út op har ferstjerren op 27 oktober. Visser hie yn ‘e holle, nei it útkommen fan ús jubileumboek by it 40 jierrich bestean yn 2025, ôfskie fan Wurkgroep Deinum Doe en No te nimmen. Mar troch de soarch om syn frou is it warber wêzen foar de Wurkgroep begjin maart ’24 al opholden.

Wurkgroepleden

De Wurkgroep giet fierder mei Douwe Gerbens, Acronius Hettinga, Jappie Weiland, Chris Bruinsma en Hanna Algra-Hessels. Fan ein april 2024 ôf is Wieger Meijer fan Pypsterbuorren derby kommen. Yn desimber ’24 ha wy ús argyf ferhuze fan de fliering fan Rinze Visser nei it hûs fan Epie Tamminga. As alles goed ynrjochte is kinne belangstellenden op oanfraach dêrris yn omsneupe. Epie besiket it kommende jubileumboek printree te meitsjen.

Wurk

* De Wurkgroep hat yn ‘24 fiif kear byinoar west. Haadsaak op dizze gearkomsten wie it bepraten fan de opset fan it nije boek oer Deinum, it sykjen fan ynformaasje by de ûnderwerpen, dy’t beskreaun wurde sille en foaral it sammeljen fan foto’s fan wurksumheden dêr’t de Deinumers de kost mei fertsjinnen of noch fertsjinje yn de lêste hûndert jier. Foto’s hjiroer moatte by de Deinumers weikomme om in moai boek mei in soad foto’s gearstalle te kinnen. Mar in inkeling hat de muoite nommen yn syn/har foto-samling te sneupen. Doe’t inkele leden fan de Wurkgroep sels op ‘en paad gyngen om foto’s te sammeljen, kaam der pas skot yn de saak. Dit lêste ferget in soad tiid. Sadwaande wurdt it in poepetoer it boek yn 2025 noch klear te krijen. Finansjeel kinne wy de útjefte krekt noch net behappe.

*Dêrom hâlde wy op Keningsdei, lyk as yn 2023, wer in BOEKEMERK. En wol **yn de loads fan de famylje Hettinga by it kanaal oan de Sportleane nû. 9 op ‘e middei fan 26 april ’25** fan 13.15 oere – 16.30 oere. De wurkgroepleden hoopje dat it hiele doarp delkomt! Dyselde middeis is der ek in **KUIERTOCHT** troch de Buorren by plakken lâns dêr’t **yn ‘e oarloch** wat bard is. Startpapier (€ 1) op Sportleane 9 fan 13.15 oere ôf.

* De Wurkgroep wurke mei oan de Betinking fan Oarloch en Befrijing yn ‘24.

Útnûging betinking 2025

De earste stappen binne setten foar de betinking fan de befrijing fan 80 jier ferlyn mei in foto-útstalling oer de oarlochs-omstannichheden yn ús doarp, op 2, 3 en 4 maaie 2025 yn de Deinumer tsjerke. Yn ‘e jûn fan 4 maaie om 19.55 oere is elkenien wolkom by de betinking fan oarlochsslachtoffers en it lizzen fan in krânse by it monumint fan Douwe Wijtsma by de toer. Dêrnei drinke wy in kopke tee/kofje yn ‘e tsjerke, besjogge de tentoanstelling en harkje nei in oarlochsferhaal út ús omkriten.

* Gemeentlik is in oarkûpeljend orgaan yn it libben roppen foar alle âldheidkundige wurkgroepen. De twa gearkomsten hjirfan binne troch ús bestjoer bywenne.

Finânsjen

Op 1-1-2024 siet der € 6.225,11 yn kas. Yn de kollektebus by de útdoar op ús Winterjûn fan 13-2-’24 siet € 85. It jierdeifeest op 24 maart ’24 fan ien fan ús bestjoersleden brocht € 1.535 yn kas. Doarpsbelangen fergoedet de € 50

hier fan Ons Huis foar de Winterjûn. Meiïnoar jout dat in posityf kassaldo fan € 7.895,11. Dêr giet fanôf in bedrach fan € 216,19 oan ûnkosten, ûntstien troch bankkosten, meilibbingspresintsjes, printkosten en aktiviteitenkosten. Ponghâlder A. Hettinga hie op 31-12-2024 in posityf saldo fan € 7.678,92.

Skreaun út namme fan 't bestjoer, Douwe Gerbens